

MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: Lieuwe van der Pol ChristenUnie
Mei-yntsjinner(s): Elsa van der Hoek, Grienlinks Peter van Noort, SP

Moasje nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

MOASJE, ex artikel 31 Reglement van orde

Steategearkomste	21 april 2021
Wurklistpunt	Fryske Wenningmerk yn Beweging (2021-2023)
Koarte titel fan de moasje	Deminsjefreonlike provinsje

De Steaten, yn gearkomste byien op 21 april 2021

heard hawwende de rieplachting;

konstatearjende dat

- Deminsje útgroeit is nei deadsoarsaak nr 1 yn Nederlân.
- It tal minsken mei de diagnoaze deminsje yn Fryslân no yn 2020 rûst wurdt op 12.000 minsken;
- Dit sifer nei ferwachting ferdûbelje sil yn de perioade oant 2050¹;
- Op 12 desimber 2020 it Manifest Waardig Ouder worden 2.0 troch ferskate organisaasjes tekene is²;
- De feriening Alzheimer Nederland dit manifest û.o. tekene hat om te stribjen nei in deminsjefreonlike mienskip;
- De Provinsje mei it bestjoersakkoart "Lok op 1" ynset op leefberens, mar deminsje yn it gehiel net neamd wurdt yn dit akkoart;
- Yn de útfieringsnota ynset wurdt op DSG 11.1 en 2¹
- In ferskaat oan provinsjes njonkenlytsen ta it beslút kommen binne om mei te wurkjen oan inisjativen yn gemeenten rjochte op it antisipearjen op dizze tanimmende sykte;
- Under oaren Drinte al aktyf is mei al har gemeenten³;
- 6902 Friezen al harren stipe jûn ha foar in deminsjefreonlike Provinsje⁴

oerwaagjend dat

- it wenningbestân fan Fryslân de kommende jierren fanwege de enerzjy-problematyk oanpakt wurde sil;

¹<https://www.samendementievriendelijk.nl/sites/default/files/2020-02/Factsheet-dementie-per-gemeente.pdf>;

² <https://www.alzheimer-nederland.nl/nieuws/manifest-waardig-ouder-worden>

³ <https://www.samendementievriendelijk.nl/drenthe>

⁴ <https://www.samendementievriendelijk.nl/friesland> (6 april 2021)

MOASJE

<ul style="list-style-type: none">- de bewenners fan Fryslân almar mear yn harren omjouwing mei minsken mei deminsje tegearre libje sille;- demintearjende minsken faaks ek it bêst ta harren rjocht komme yn harren fertroude omjouwing;- dit keppelkânsen biedt foar sawol de fernijingsopjefte yn de wenningen en dizze âlderein problematyk;	
Fersiket it kolleezje fan Deputearre Steaten	
<ul style="list-style-type: none">• mear bewustwurding te kreëarjen omtrint deminsje, mei namme ek op it mêd fan wenjen en it langer thûswenjen fan dizze groep minsken.• te kommen mei in plan om hiel Fryslân yn de mande mei al har gemeenten deminsjefreonlik te meitsjen• oan te sluten by de beweging Dementie vriendelijke gemeenschapⁱⁱ• hjirby har fasilitearjende en stimulearjende rol as Provinsje yn te nimmen sa as beneamt yn bestjoersakkoart Lok op 1.	
en gean oer ta de oarder fan de dei	
Yntsjinner(s)	ChristenUnie – Lieuwe van der Pol

- i SDG 11.1 Duurzame steden en gemeenschappen: wonen (het aantal, de kwaliteit en de betaalbaarheid van koop- en huurwoningen, de koop- of huurwoningen die mensen hebben en de kans op doorstroming, de woonomgeving en ervaren woonlasten, de tevredenheid van mensen met hun woning en hun woonomgeving);
- • SDG 11.2 Duurzame steden en gemeenschappen: leefomgeving (de ervaring van de leefomgeving, de kwaliteit en veiligheid van de leefomgeving, het gebruik van de leefomgeving, de beschikbare ruimte en de uitgaven aan de bescherming van de kwaliteit van de leefomgeving)
- ii [Over dementievriendelijk | Dementievriendelijk](#)